

1

God, Jo binn' ljocht,
allinnich ljocht,
by Jo gjin spoar fan tsjuster.
Mar wy, ûnrein,
yn skuld ferslein,
binn' al jo gloarje bjuster.

2

Sjoch ús berou.
Wiis ús net ôf.
Wol ús dochs net ferspije.
Jo eigen Soan
wûn ta jo troan
de tagong mei syn lijen.

4

Ja, amen, ja
op Golgota
woe Hy foar sûnders stjerre,
en troch syn bloed
binn' wy foargoed
fan sûnden frij ferklearre.

5

Lit ta jo ear
hieltyd mar mear
ús swakke leauwe groeie.
Dan sil by ús,
as frucht fan 't krús,
de leafde tierich bloeie.

tekst David de Jong, frij neffens Ahasverus van den Berg – 'God enkel licht'
meldij Cantiques pour le culte public, 1803 – 'Jour du Seigneur'